

## **Underweis yn de Oerpolder**

Yn 'e miede in lange rige kuijers, d' iene rint hwat flugger as de oare, dy 't de middeis fan sneon 24 oktober, ienriedich ûnderweis is nei itselde doel, de pleats fan Alle en Janke Kampen yn de Skar yn it Heidenskip. By Bouke Kampen en Marten Groenhof, genamt en omkesizzer fan de chroniqueur-skilder fan it Heidenskip, lâns de Oerpolder yn, sa 't it gea bikend is sûnt it boek fan Hylke Speerstra mei dy namme útkommen is.

Dy kliber folk bistiet út stipers/bigeunstigers en oare bilangstellenden fan de Gerben Rypma Stifting fan Blauhûs. Elts jier yn oktober hat it warbere bistjûr in kuijertocht, hjoed ca. 8 km, mei binammen ek in kultureel aspekt op it aktiviteitenprogramma stean. Nou dus in tocht yn 'e streek, dy 't skilder/dichter/koumelker Gerben Rypma yn 1904 yn in gedicht oantsjutte as in fruchtber gebiet. It foarme tagelyk in lytse stikel dêr 't er de lju mei kidele dy 't de namme Heidenskip sljochtwei yn forbân brochten mei heidenen, ûnbisniene rûchhouwers. Yn dat gedicht, dat yn de – hjoeddeistige – Wolvetinte, sa 't it hoarnleger fan Alle en Janke yn biskate rounte bikend is - oer it fuotljocht brocht waerd fan Ytsje Galema, seit er dat der yn skiere tiden al in kleaster wie; hy bidoelt dan wis it St. Urselskleaster, geandefoet likernôch trije kertier súdeastlik fan Warkum, sa 't yn kroniken stiet. En muontsen kin men slim ta de ûnleauwigen, de heidenen rekkenje.

Dy manske stjelp, likernôch 150 jier âld, seit Alle, hwant earne yn in de pleats stiet it jiertal 1867 yn in stile útfike, is, hat ús centurio fan hjoed, gids Fouke de Vries, al by it bigjin fan dizze 'expedysje' yn it doarpshûs forteld, is de opfolger wurden fan de troch niisneamd boek 'wrâldforneamde' pleats de 'Wolvetinte', dêr 't in famylje De Wolf buorke. Dy pleats hat yn it boek fan Hylke in wichtige rôl, mar stie goed hûndert meter fierderop.

Yn it ramt fan it opheegjen fan de polderdiken dêrre kaem troch it ûntgraven fan it stik greide, dat de modder leverje moast foar it opheegjen, it plak fan Hylke 'syn' Wolvetinte bleat to lizzen. Stikken (skuon)lear, knopen, pún, diggels fan skûtelark, ensafh. waerden yn likernôch trije moanne tiid sammele troch archeolooch Auke Bult út Molkwar. Dy fynsten binne bidarre yn in keamer fan it Molkwarder koeke-museum. Sa 't de measte lju bikend is, is dy pleats forswolge troch de stoarm en wetterfloed fan 1825, doe 't by Warkum de sédyk ûnder de swiere 'bombardeminten' fan de koaitsjende sé bilies jaen moast. Nei 't de dyk om it Warkumer Nijlân (fan ca. 1624) it bijown hie, brieken de bolderjende weagen troch de nou as Alde Dyk bikende wetterkearing hinne, doe al in slieperdyk. In great part fan súdwest Fryslân strûpte der ûnder. Jierren hawwe de boeren noch lêst hawn fan it sâlte Suderséwetter. It plak fan de trochbraek yn de Alde Dyk, it saneamde Djippe Gat, is noch hieltiid oan to wizen.

De Heidenskipsters hawwe nei 't it gebiet op de skeppe west hat, hiel tapaslik op it sté fan de eardere 'Wolvetinte', dat troch it útslatten oant in djippte fan 60-70 sintimeter, nou krekt as yn 1825 ûnder wetter stiet, in ûleboerd, hwat út it leard hingjend, delsetten; in moai metafoarysk byld. Yn dyselde snuorje is der in bulte sân delsmitten, dy 't ta doel hat om sweltsjes in nêstplak to jaen. Neffens de ynventarisaeasje, dy 't Sibe Tjalma en syn maten dêrre dogge, is dat goed bislein. Boppedat hat in keppel frijwilligers yn ien dei yn dy nije 'Wolvepoel' mear as 200 m3 gron delkroade, sadat der in eilântsje ûntstie dêr 't fûgels fan allerhanne fear en plom noflik en op har gemak oernachtsje kinne. En, sa fornuveret Fouke de Vries ús, der wurdt drok gebrûk fan makke. Foar de greidefûgels is yn dit gebiet in protte omtinken. Dat blykt út it experimint om blomrike greide to meitsjen; dêr 't it tilt fan fé (?) en blommen, sei eartiids in dichter. It bigjin is der, mar dizkear – noch - net alhiel slagge; takomme jier lykwols wurdt

der op 'e nij sa 'n mjuksel útsiedde; de oanhâlder wint.

Under moaije loften mei de toet yn de frisse wyn, panderet, in moai wurd om de gong oan to jaen, de kloft folk – as ienling, in pear, of in groepke drok yn petear – fierder troch de miede, de greide, nei it pypskoft yn de al neamde pleats fan famylje Alle Kampen, dy 't mei syn pakesizzer ús wolkom hjit op harren hiem. Boppedat steane twa kreas oanklaeide manlju as skildwachters by de mendoarren – mei it tradysjonele sânglês biskildere – om dizze pylgers-foar-in-dei to hifkjen. Se rôpen it byld op fan Zouaven, pauslike soldaten. En dat is net sa frjemd omt de Warkumer St. Werenfridusparochy yn de 19<sup>e</sup> ieu (tusken 1860-1870) mar leafst âlve fan dy striders 'levere' foar it bihâld fan 'de Stoel fan Petrus', doe waerm hâlden fan Pius IX. Ien fan dy Warkumers wie Tjitte Foekes de Wolf (1839-1902). Hy wie boer(efeint) en goed twa jier Zouaaf yn Itaelje; hwa wit bistiet der in relaasje mei de eardere biwenners fan dizze pleats; op dit stuit is dat inkeld in gedachte, mar wol nijsjirrich!

Yn de mânske skuorre, sa heimsinnich tsjuster as allinnich in skuorre wêze kin dêr 't yn de stofreagen tusken de bynten en de hoannebalken teltsjes, geheimen ensafh., fan generaesjes hingjen bleaun binne, wachtet kofje of thé, mei in stik koeke. Wylst men noch blaest oer de gleone kofje/thé - net foar ûngetiders geskikt, dus - of de koeke bihimmelet, kundiget yn de groatfol sittende golle Jitske Draijer har optreden oan. Mei bigelieding fan it mear as 100 jier âlde fanfarekorps 'Studio', dirigint Marten Miedema, klinkt it al deklamearre gedicht fan Gerben Rypma – teffens titelfers fan it toanielstik 'Achter sântjin hikken' - troch de golle. Mei har fluwielen stim – liket geskikt ek foar jazz - forhellet se op in suver mankelike wize oer it woaste gea, sa 't GR dat seach. Dan folgje twa stikken (eigen muzyk, tekst fan Ytsje Galema) út it iepenloftspul (AD 2014) fan de Heidenskipster toanielforiening 'Yn it oare fel', dat as titel 'de kening stjert' krige. It sil jin gjin

nij dwaen, dat de skries de kening is, dy 't nei de lôdde bigjint to rûken. Mar it hat dizze middei bliken dien dat de Heidenskipsters noed steane foar him, en foar alle oare greidefûgels, lyts en great. Wie der soms yn it twadde nûmer in 'twirke' to hearren fan it fameuze sankje út de film 'As it is in heaven'?

As de lêste klanken troch de golle rûsd binne, de muzikanten de koffers ynpakke, is it tiid om oan de lêste étappe to bigjinnen. De lange ûnregelmjittige slang folk krûpt by Pier Sjaarda oer it hiem en set dan bylâns de pleats fan Fouke de Vries wer op doarpshûs 'it Swaeigat' ta, dêr 't de middei nochris oereide wurde kin yn it ramt fan hwat by de Gerben Rypma Stifting as 'romsitte' bikend is. (jpdHzn)